

Halbertsma deklamatorium

Op freed 27 juny wachtet de dielnimmers oan it Great-Frysk Kongres yn 'e Harmony yn Ljouwert in nijgjirrich nûmer yn it jounsprogramma. Nei it skoft sil nammentlik it Mingd Koar fan Grou mei bigelleding fan it Frysk Orkest en mei meiwurking fan in deklamator de foarste útfiering jaen fan in deklamatorium, dat libben en wurk fan dr. E. H. Halbertsma bihannelet. It is skreaun troch dr. Y. Poortinga en de muzyk is fan Alfred Salten, dy't ek de útfiering liede sil. It doel is dit deklamatorium takomme winter op plakken, dy't dêr in gaedlike seale foar hawwe, yn it konsertprogramma fan it Frysk Orkest nei foaren te bringen.

De hear Poortinga hat syn tekst skreaun yn opdracht fan de kongreskommisje fan de Fryske Rie. De hear Salten is wilens al gâns in ein hinne mei komposysjes, orchestraesje en koarsetting. De op-

set is sa, dat de deklamator yn in tekst, dy't de feiten meidielt, mar ek in oardiel oer de feiten jowt, en dy't soms lyrysk, soms dramatysk fan stimming is, it libben en de persoan fan Eeltsje tichter ta de harkers bisiket te bringen. Dit bart tsjin in eftergroun fan muzyk of fan sjongen (of reauntsjen), ôfwiksele troch muzyk en sjongen, mar ek wolris alhiel sûnder bigelleding. „Fansels”, sa sei de hear Poortinga, „haw ik mannich liet fan de Grouster dichter te pas brocht, wylst de hear Salten ek inkelde meldijen skreaun hat foar fersen, dy't oant nou ta noch net songen wiene”.

Dr. Poortinga hie nocht oan dizze opdracht. De Halbertsma's lizze him wol en it oparbeidzjen mei de hear Salten (dy't fansels in Holânske oersetting ta syn foldwaen hat) is tige noflik. Nammers, de stoffe jowt ek yn it muzikale romte ta gâns forskaet fan stimming.

